

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke gearwurking mei it ûnderwiis fine wy essinsjeel foar in moaie takomst fan de Fryske taal. Us wurksumheden binnen it ûnderwiis hawwe plak binnen de brede gearwurking Taalplan Frysk 2030.

Wy sykje binnen it ûnderwiisteam in:

PROJEKTMEIWERKER UNDERWIIS

foar 24 oant 32 oeren wyks

Mei dy wolle wy de gearwurking mei it primêr ûnderwiis fersterkje en oansprekkend materiaal (troch)ûntwikkelje dat rjochte is op it taalbewustwêzen fan learlingen en studinten. De klam leit op it goed ynformearjen fan de learkrêften oer it besteande aanbod binnen Spoar 8 en it begelieden by it stal jaan fan harren programma. Yn 'e mande mei de oare teamleden silst nei de skoallen ta om begelieding te jaan by it brûken fan ús metoade en silsto lessen en programma's úttinke, skriuwe, útprobearje, oanpasse en ymplementearje.

Wat is dyn profyl?

- do hast in hbû-wurk- en -tinknivo
- do fieltst dy thús by it basisûnderwiis en fieltst oan wat de mearwearde is fan de Fryske taal
- do hast ûnderfining mei it jaan fan presintaasjes en workshops en mei it skriuwen fan teksten foar in breed publyk
- do behearskest it Frysk mûnling goed en kinst goed Frysk lêze en leafst ek skriuwe
- do bist kreatyf en pro-aktyf, hast fernijende ideeën, wurkest selsstannich mar sikest ek de gearwurking op, witst fan oanpakken en hast each foar detail

Wat biede wy dy?

- do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan in jier (mei mooglike ferlinging)
- salaris neffens de KAO Soarch en Wolwêzen, skaal 7, en fierder ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining

Hasto der nocht oan om mei ús it ferskil te meitsjen foar it Frysk yn it ûnderwiis, dan hearre wy graach fan dy! Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 22 augustus 2022 nei Ciska Noordmans: ciska.noordmans@afuk.frl. Foar mear ynformaasje oer de fakatuere kinst yn de wike fan 15 augustus 2022 kontakt opnimme mei Alex de Jager, direkteur: alex.dejager@afuk.frl, tel. 06-51019964.

Sollisitaasjepetearen sille holden wurde op moandei 29 en tiisdei 30 augustus 2022.



Us wurksumheden binnen it ûnderwiis hawwe plak binnen de brede gearwurking Taalplan Frysk 2030.